

mei har bepraat. Masotty sette ûnder mear wurk fan Tsjêbbe Hettinga yn it Ingelsk oer en is dwaande mei it oersetten fan it wurk fan Kader Abdolah, Colmer tekene foar it Ingelske wurk fan de ‘razend’ dreech oer te setten Annie M.G. Schmidt.’

Susan Masotty, dy’t 27 jier ferlyn út San Francisco nei Nederlân kaam, oer it projekt *de Reis*: ‘Een fantastisch initiatief. Ik versta het Fries, maar schrijf het niet. Toch vond ik het vertalen van deze teksten als een pianospel: uitdagend, moeilijk, omslachtig ook, omdat ik voor een deel afhankelijk was van de Nederlandse vertalingen, maar als geheel was het vol afwisseling.’

Wa is/binne de Hollânsktalige oersetter(s)?

Schotanus: ‘In part fan de fersen is troch de skriuwers sels oerset. De rest haw ik mei Eeltsje dien: beide ien of mear proef-oersettingen meitsje en dy fergelykje. Ferline simmer ha wy yn Flaanderen in goed fjirtjin dagen mei it wurk te set west. Foar my wie it in útdaging! By elke dichter hat Abe in koarte ynlieding skreaun, dy’t troch Eeltsje en my yn it Nederlânsk oerset is.’

Wat wie foar jim as inisjatyfnimmers it meast ferrassende oan dit projekt?

Schotanus: ‘Ien tema en safolle diversiteit en kwaliteit. De meiwurking fan de minsken fan Omrop Fryslân. De presintaasje fan *gjin grinzen – de Reis* sil ek yn ’e mande mei de omrop opset wurde. De kwaliteit fan de cd. De grutste ferrassing is miskien wol de foarmjouwing: it boek soe dûnkerbrún wurde, mar doe’t Michiel Postma it definitive ûntwerp foar it omslach presintearre, die bliken dat er ûnderwilens hiele oare ideeën hie en dêrby oer de grinzen gie! De positive reaksjes dy’t wy krigen ha, wienen ek stimulearjend. De moaiste kaam fan Leo Popma mei syn sizzen: “Jimme binne as Wolgaslepers”.’

Wêr bestie it (ein)redaksjewurk út?

Hettinga: ‘Elske hat neist de oersettings tachtich persint fan it faak razend komplekse en tiidslinende einredaksjonele wurk dien. Fierders sit oan sa’n projekt ek in administrative en in saaklike kant. It boek is foar in grut part harres. We ha net it maklikste projekt keazen, mar it resultaat mei der wêze.’

Komt der noch in ferfolch op dit projekt?

Schotanus: ‘Net direkt op dit projekt, al wie it mar omdat it in meunsterput west hat. Der sitte al tal fan oare plannen yn it fet, oan ideeën mankearret it him net. En it kiteljen fan de wolris wat sloffe Fryske ynstellings en bytiden te sleauwe oerheden - de ferynstusjonalisearing - is fansels ek in earber Cephberop.’

Ein ferline jier waard bekend dat yn Amsterdam, by polityk-kultureel sintrum De Balie, in kontroversjeel keunstprojekt út ein set is. Keunstner Martijn Engelbregt hat by 200.000 gesinnen nochal offisjeel eagjende frageformulieren oer yllegalen yn ’e brievebus falle litten. De formulieren ha de noadige kommoasje as gefolch hân en fuortendaalks kaam de fraach op: wat hat soks eins mei keunst te krijen? Op âldjiersdei skreau Geert Drion yn *de Volkskrant* in moaie reaksje op it inisjatyf fan De Balie en keunstner Engelbregt. Syn konklúzje is twaliddich: net allinne wurdt de keunst hjir in loer draaid ‘door politieke appelsen als artistieke citroenen te verkopen’, ek it maatskiplik debat wurdt frustrearre trochdat sawol keunstner Martijn Engelbregt as Balie-direkteur Anil Ramdas harren achter de keunst ferskûlje. Letter kamen der ek reaksjes fan Ramdas sels, fan Cyrille Offermans en oaren. Yn *de Moanne* twa reaksjes op Martijn Engelbregt fan Bartle Jayerman

De keunstner as nar

BARTLE LAVERMAN

19

Der is goeie keunst en der is net-goeie keunst. Der is moaie en net-moaie keunst. Goeie keunst is net perfoarst moaie keunst. Der is ek wolris eat dat him foardocht as keunst, mar it net is: sabeare keunst. En soms is eat dêr't je it net fan ferwachtsje keunst! Dat kaam guon Amsterdammers okkerdeis oer doe't se in frageformulier yn 'e hûs krigen oer yllegalen. Rare fragen, fragen fan soks freegje je dochs net, skande en skamje en doe die bliken: it wie keunst. Us goddomme wat op 'e kast jeie, in serieuze diskusje fersmoargje mei spultsjes, polityk bedriuwe en dan efterôf sizze: haha, gefopt, het is keunst!

Keunst mei wat mear as trochinoar. Dat ha wy sa ôfpraat en dat neame wy 'artistike frijheid'. De keunstner is ús nar. Wat de nar tsjin de kening seit, hoechsto net yn 'e mûle te nimmen ast dyn kop op it liif hâlde wolst. Wat de kabaretier seit, is út dyn mûle wei 'majesteitsschennis'.

Wat soe der bard wêze as Volkert van der G. keunstner west hie en syn skot as keunst claimd hie? Sa raar is dat net: der is ek al lûdop sein dat de fleantugen yn it WTC as keunstwurk sjoen wurde kinne.

De keunstner mei ús narje en dat docht er al hiel lang: de tradysje fan de avant-garde, keunstners dy't de maatskippij in spiegel foarhâlde, as learmomint. Want moralisten binne it fansels, ús avant-gardisten!

Mar as nar mei dat, want de nar is mar ien en ien is mar ien. Dêrby: wy hoege ús der net echt oer op te winen, want hy wol der sels ek net op oansprutsen wurde, hy is ommers de nar, dy't jawis de wierheid seit, mar dêr net foar stjerre sil, dat is de ôfspraak. As maatskiplik gewisse, sa sjocht de keunstner himsels. En sa is it, seit de filosofy ek, seit Jean-Francois Lyotard. Keunst is it reserwaat dêr't noch eksperimintearre wurde kin mei regels, grinzen ferleien. En dat is o sa nedich, wol de maatskippij gjin hertstilstân krije. De monitor moat weagen sjen litte, gjin rjochte line, want dan is de pasjint dea, seit de soap.

Beweging dus, fernijing, eksperimint, oars sjen: keunst, de toverdrank fan ús maatskippij, de huningpomp fan Joseph Beuys!

Dêrom ek moat de keunst in frijplak wêze, dêr't je wat dwaan kinne sûnder gefolgen, dêr't in eksperimint ek deagewoan mislearje kin, dêr't je wat roppe kinne sûnder klappen.

Mar hie dy Engelbregt dan net better in grut skilderij meitsje kinnen mei bygelyks in jonge yllegaal dy't yllegaal brûkt wurdt troch in blanke man? Of is dat 'Rattenkunst'? It is fansels frjemd dat it realisme fan Engelbregt minsken sa steurt dy't kraaie by it realisme fan in Cleofas van Overbeek, Martin Sybesma of Henk Helmantel, wylst it itselde soort realisme is. Of nim it realisme fan Damien Hirst, in Britske keunstner dy't hiesten op sterk wetter

negerin begroeven dy't desennialang yn in folkekundich museum op sterk wetter stien hat. En wat te tinken fan Jeltsje Boersma, dy't elke simmer tsjin betelling besikers útdroege liken sjen lit yn 'e kelder fan de tsjerke fan Wiuwert!

Hokfoar wreedheid moat in keunstner sjen litte om ús noch oeral te meitsjen, wy dy't al iuwen bliid binne en moai sjonge omdat immen as minske-offer oan in krús in freeslike dea stoar. It spiegeltsje fan de keunstner is altiten te lyts foar de werklikheid en sa krijt de nar ek eat bespotliks. Sa krijt de aksje fan Engelbregt ek eat bespotliks. Doch my mar moaie keunst, sûnder spiegeltsjes. ■

De artistike yntinsje

ABE DE VRIES

Wat ûnderskiedt in modern keunstwurk fan in ‘practical joke’ of in politike aksje? Dy fraach is oan ’e oarder nei oanlieding fan in projekt fan De Balie yn Amsterdam. Wa’t de bedoelingen fan de keunstner yn it antwurd meiweagje lit, is op ’e ferkearde wei. Allinnich tekst en kontekst binne fan belang, it kommentaar fan de keunstner is dat net.

20

Yn Ljouwert is grafysk foarmjouwer D.B. yn gearwurking mei de Stichting Keunstwurk út ein set mei in wol hiel opfallend ‘keunstprojekt’. Wat wol it gefal? B. hat yn de Dongeradielen in tige offisjeel lykjend enkêteformulier nei tûzenen famyljes stjoerd. Dêr steane fragen op oangeande kriminaliteit en asylsikers, lykas ‘Kenne jo minsken fan dúdlik bûtenlânsk komôf dy’t wolris wat stelle?’ en ‘Binne jo ree om harren nammen oan de polysje troch te jaan?’

Kin dat allegear samar, sille jo faaks tinke. Minsken fan in oar komôf ferklikke by de autoriteiten, wêr lit ús dat ek alwer oan tinke? En is it keunst? Der is lang oer it projekt redendiel, neffens Huub Mous fan Keunstwurk, mar úteinlik fûnen se dat it dochs wêze moast. Hy wiist op it grutte maatskiplike belang. ‘Wy wolle ûndersykje hoe’t der om Kollum hinne oer asylsikers tocht wurdt’, seit Mous.

Wat hjirboppe stiet, is gjin flauwekul. It is hast hûndert persint realiteit. Feroarje ‘D. B.’ mar yn Martijn Engelbregt, de Stichting Keunstwurk yn it Amsterdamske kultuersintrum De Balie, Huub Mous yn Anil Ramdas, asylsikers yn yllegalen en de Dongeradielen yn Amsterdam. De saneamde Engelbregt Beheer Groep hat desimber ferline jier 200.000 ‘oanjesteformulieren’ by Amsterdamske famyljes útsutele, dêr’t de minsken op oanjaan koenen oft se wisten wêr’t yllegale bûtenlanners wennen. It projekt, stipe fan it Amsterdams Fonds voor de Kunst, waard op 10 jannewaris ôfsletten mei it evenemint ‘Grenzeloze solidariteit’ yn De Balie. Voilà: keunst mei in grutte K, en ek noch by de tiid!

Mar wat hie dy ‘performance’ mei oanjesteformulieren no krekt mei keunst te krijen? In protte, neffens Engelbregt, waans simpele redenearring wie: ik bin keunstner, ik ha it betocht, dus is it keunst. Balie-direkteur Anil Ramdas wiisde – fansels - op it ‘maatskiplike belang’ fan in diskusje oer it fraachstik fan de yllegalen yn Nederlân.

Wa’t de twa ûntstride wol dat it fersprieden fan misliedende enkêteformulieren om yllegale bûtenlanners op it spoor te kommen in artistike died fan heech nivo is, wa’t úthâlde wol dat

yn syn opinystik ‘Kunst moet strijden met open vizier’ yn *de Volkskrant* fan 31 desimber oanfoel en ôfkeake, in oare strategy. In alles omfetsjende defynysje fan keunst jout er net, dat soe al te ambisjeus wêze. Ynstee dêrfan seit er dat keunst ûntstiet bywannear’t minsken út in ‘artistike yntinsje’ wei wurkje. Gjinn sjarmente oplossing, mar sa’n sirkelredenaasje is wol gaadlik om sjen te litten dat de yntinsje fan Ramdas en Engelbregt net in suver artistike west hat.

Fansels, der waard in spul spile mei de rêchbonke fan elke burokrasy: it formulier. En jawol, it gie ek om de ynteraktiviteit fan it ferskynsel enkête. Mar neffens Drion wie it úteinlike doel en meitsje ûnder it mom fan keunst in politike diskusje los. Dreech om dat te betinken wie it oars net: it stiet yn rûne wurden op de site fan De Balie. ‘Mei it enkêteformulier wolle de keunstners it fraachstik fan de yllegalen promininter op de agenda krije’. Drion fynt dat net suver. Neffens him mei de keunstner gjin ‘oare ferplichtingen hawwe as dy oan it artistike produkt’.

It grutste probleem mei syn kryptyk is dat er in yntinsjoneel kritearium brûkt om keunst fan gjin keunst en goede fan minne keunst te ûnderskieden. Yn de keunstkryptyk is dat no krekt taboe. By de beoardieling fan keunst kin it noait gean om de bedoelingen fan de keunstner. Wichtich is allinnich wat it keunstwurk *is*. Wat seit it tsjin of docht it mei de skôger? En op it twadde plak, hoe ferhâldt dat keunstwurk him mei de tradysje dêr’t it yn stiet?

It giet der net om wat de makkers fan it projekt fan De Balie ‘woenen’, it giet derom wat it projekt ‘die’ (en wat it net die). De formulieren rôpen op it foarste plak in protte yrritaasje en likens op by de minsken dy’t se yn ’e bus krigen. Benammen âldere Amsterdammers skrokken derfan, skreau *Het Parool* (‘Unrêst troch falske enkête yllegalen’, 29 desimber 2003). Sintraal yn de resepsje stie – tige foarsisber en fansels ek ‘ynboud’ - de suggestje fan oerienkomsten mei de burokratyske organisaasje fan de joadferfolging yn de Twadde Wrâldoarloch. De formulieren, de fragen op de formulieren en de wize en it plak fan fersprieden

Yn in positive resinsje, skreaun yn de taal fan de beoardielers dy't it projekt subsidiearren, soe faaks stean kinne dat in part fan de hjoeddeistige, ferburgen realiteit op sa'n wize foarmjûn wie dat in part fan it werkenbere ferline der in ûnderdiel fan waard. Mar in skeptikus soe mei rjocht en reden úthâlde dat it projekt op in goedkeape wize reaksjes oprôp, dy't it sicht op de werklikheid earder fertsjusterje as ferromje.

It ferlykjen fan barrens út de iene perioade mei oare barrens út in hiel oare perioade is ommers in nuodlik ûndernimmen. Faak smyt it mear fragen op as antwurden. Hielendal as de Twadde Wrâldoarloch en it Tredde Ryk foar de safolste kear as referinsjes tsjinje moatte: dan wurdt sa'n ferliking al dalik in gigantysk útkôge klisjee, mei yn dit gefal ek noch in reaksjonêr en repressyf boadskip. De Balie hat yndirekt it yn demokratyske beslútfoarming bewoartele oppakken fan yllegalen yn it ramt setten fan de joadeferfolging: sje dêr de 'nije ympuls' fan dat sosjaal-demokratyske bolwurk oan it maatskiplik debat oer yllegaliteit en ymmigraasje.

In twadde effekt fan it projekt hat it útllokjen west fan hjir en dêr wat kommentaar oer moderne keunst. Nei Drion hat de skriuwer Cyrille Offermans it ek mei de grûn gelyk makke yn *NRC Handelsblad*, en yn Fryslân hat Trinus Riemersma op syn ynternetside útlein wêrom't it hjir net om keunst giet, mar om in 'practical joke'. Keunst besiket net sa 'werklik' mooglik te wêzen, sizze beide: der is altyd in distânsje ta de realiteit. In wiere keunstner soe syn artistike bedoelingen ek altyd kenber meitsje. Op de Amsterdamske formulieren stie net: lêzer, slach acht, dit is keunst. Mei it kritearium fan distânsje bin ik it iens, mar oft de keunstner der altyd by sizze moat dat it om keunst giet, leau ik net. Nochris: allinnich it keunstwurk sels is fan belang.

In politike aksje dus. Mar it is fansels net sa dat politike aksjes net tagelyk keunst wêze kinne. Keunst hâldt oant in beskate hichte altyd in maatskiplik kommentaar yn. Der bestiet sokssawat as slagge keunst mei in mear útsprutsen politike diminsje, sa't elkenien him realisearje sil dy't bygelyks oan dissidinte skriuwers út de kommunistyske tiid yn East-Europa tinkt. Fersetskeunst en maatskiplik engazjearre keunst is der by de rûs en yn it Westen tilt it ek op fan de foarbylden. Nim de wc-pot dy't de feministe Kate Millet yn 1970, op it hichtepunt fan de Vietnam-oarloch, sjen liet mei in Amerikaanske flagge deryn; in ferwizing nei de

Frânske dadaïst Marcel Duchamp, dy't yn 'e Earste Wrâldoarloch mei it pleatsen fan in pispot yn in museum in revolúsjonêr kommentaar joech. Hjir docht ek bliken dat de 'artistike yntinsje' in romme ynterpretaasje krije kin. In keunstner kin safolle yntinsjes hawwe. Guon grutte keunstners yn it ferline hienen dúdlik *ek* politike bedoelingen.

It opsetsje fan Ramdas en Engelbregt om in diskusje oer de manier sa't wy yn Nederlân omgeane mei yllegalen te provosearjen is lykwols net slagge. Yn de nasjonale media hat dat aspekt fan har ûndernimmen amper wjerlûd fûn. De reden dêrfoar soe wolris de konklúzje yn it stik fan Drion wêze kinne, dêr't er neffens my, nettsjinsteande syn ferkearde redenaasje, wól de spiker yn op de kop slacht: dat troch it projekt fan De Balie 'net allinnich it maatskiplik debat in loer draaid wurdt meidat hja har ferskúlje achter de keunst, slimmer is dat de keunst ek in loer draaid wurdt meidat politike appels foar artistike sitroenen ferkocht wurde'.

Oars sein, op iene of oare wize fiele wy ús as leafhawwers fan keunst troch de Amsterdamske hearen bedondere. Foar in part leit him dat neffens my oan it botte, klisjeemjittige en iendimensjonale ferwizen nei de Twadde Wrâldoarloch, dêr't it projekt op dreau. Mar it komt benammen omdat Ramdas en Engelbregt gjin djippere laach oanboarje bûten goedkeape politike stunt en sinistere 'imitatio' fan burokrasy. Hat it projekt fan De Balie kanten dy't útstykje boppe it platte kommentaar? Giet it in diskusje oan mei eardere keunst? Set it himsels yn in artistike tradysje del? Toant it ús in werklikheid dy't wy noch net earder sa sjoen hienen? Welnee. Fan in ûnderlizzend tinken oer sosjo-eksperimentele keunst is neat te bespeuren en út de pear polityk-korrekte tinkbylden dy't harsels wol bleatjouwe, falt gjin keunstfilosofysk benul te destillearjen.

Sa hat dit amateurisme de keunst besmodzge en de politike diskusje fersmoarge. It jout reden foar soarch dat in ynstelling as De Balie him ûnder de nije direkteur Ramdas foar sa'n soarte fan agitprop lient. Je soenen je hast ôffreegje oft de Stichting Keunstwurk yn Fryslân aanst ek sokke healwize oanslaggen úthelje sil. Yn in breder perspektyf is de fraach oan de oarder hoe't moderne keunst dy't op in ynteraktive wize fan maatskiplike spanningen gebrûk meitsje wol, him wól presintearje kin – net op it foarste plak as polityk manifest, mar as goede keunst. ■

Kunstenaarsvereniging 'Verkuno'

De kunstenaarsvereniging 'Verkuno', een vereniging van professionele beeldende kunstenaars en vormgevers in de gemeente Noordenveld, nodigt dichters uit de drie noordelijke provincies uit deel te nemen aan het project 'Kunstdicht'. De bedoeling van dit project is een wisselwerking tot stand te brengen tussen literatuur en beeldende kunsten door beurtelings een beeldend kunstenaar te laten reageren op een gedicht en

'Kunstketen' en iedere deelnemer heeft ongeveer zes weken de tijd om op het aangeleverde werk te reageren. Wij zijn in overleg met een bekende dichtende schilder/schilderende dichter om de startwerken voor dit project te leveren. Die start is begin 2004 en de beeldende en literaire werken zullen in september 2005 tentoongesteld worden in 'het Koetshuis' te Roden. Het is de bedoeling om de resultaten in boekvorm te laten verschijnen.

Kunstenaars die belangstelling hebben kunnen nadere